



Wurkgroep boeremoeting Westerlauwerks Fryslân, fan de Fryske Rie:
Sjoerd van der Schaar, (foarsitter), Jan van der Weg, Doeke Wilman en
Anton van der Ploeg (skriuwer)

Underwerp: boeremoeting
Taheakke: programma boeremoeting 2014

Mullum, 20 desimber 2013

L.S.

It is wer safier. Fan woansdei 5 febrewaris 2014 ôf wurdt de 54e boeremoeting yn Noard-Fryslân holden. Us freonen by de Deenske grins hawwe wer ris in soad muoite dien om in moai programma yn inoar te setten.

Sa as altyd is der wer folop de gelegenheid om inoar te moetsjen.

Ek no stiet de duorsumens by de te besykjen projekten wer neidruklik yn it programma. Der wurdt ûnder oaren in besite brocht oan in wynpark en in sinne-enerzjypark. Dêrneist krije we rûnliedings yn in grut hinnebedriuw en in hynstefokkerij. In taljochting yn in hânweverij en in kuier rûn it slot fan Husum moatte fansels ek neamd wurde. Fierders fansels iten, muzyk en dûnsjen op de lêste jûn. It folsleine programma fine jo taheakke.

De kosten fan dielname binne foarearst fêststeld op 70 Euro. Yn dat bedrach sitte twa waarme mielen, de yntreeprizen en in busreis op de tongersdei by de te besykjen lokaasjes del.

It is it doel dat wy der mei eigen auto's hinne geane en de dêroan ferbûne reiskosten ûnder inoar ferpartsje. Foar de organisaasje moatte wy en fansels ek de minsken yn Noard-Fryslân der ynsjoch op hawwe wa 't meigean.

Wy freegje jim, as jim it op priis stelle om mei te gean, dit uterlik 10 jannewaris 2014 op te jaan.

It opjaan kin by:

Sjoerd van der Schaar, Julianaleane 15 NL 8872 yn Mullum, telefoan 0517 412492, e-post s.vd.schaarapesturtjseplanet.nl, of by:

Jan van der Weg, Mr. Boeleswei 2, 9173 GB yn Hegebeintum, telefoan 0518 412369, e-post wegvd000apesturtsjeplanet.nl

De trettjinde jannewaris sille wy dan in opset meitsje fan de minsken dy 't ride sille en wa 't dan mei wa meiride kin. Fansels sille jim dêr dan op 'e tiid berjocht fan krije.

Mei freonlike groetnis,
Sjoerd van der Schaar (foarsitter wurkgroepke boeremoeting)

